

**MUNLINGE FRAGEN / FRAGENOERKE op grûn fan kêst 40 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS/ Deputearre	Kielstra Ûnderwerp: tapassing 'Grutsk op'e Romte'
	<p>Yn it beliedsstik 'Grutsk op'e Romte' fan 2012 binne de romtelike kearnkwaliteiten fan Fryslân fêstlein. De provinsje seit dêr sunich op te wêzen. Der binne in soad kultuer-histoaryske en kultuer-lânskiplike struktueren en eleminten. Dy binne fan provinsjaal belang. Se moatte dan ek yn de gemeentelike bestimmingsplannen beskermme wurde. De provinsje hifket de bestimmingsplannen hjirop foardat se fêststeld wurde kinne. De gemeente en oare oerheden moatte dêrnei konkrete fergunning-oanfragen, frijstellingen en hanthavening fersoargje. Sadat de beskerming ek yn de praktyk hannen en fuotten krijt.</p> <p>Yn de LC fan 16 febrewaris 2019 wurdt beskreaun hoe't sokke lanskips-struktueren- en eleminten yn de omkriten fan Bitgummole lykwols de lêste jierren fierder oantaast binne. De Stifting Ringsom Great Terherne hat de Steaten hjir mear as ien kear middels brânbrieven fan op'e hichte steld.</p> <p>Ek út oare hoeken fan Fryslân wei krije de steaten geregeldwei berjochten dat lânskiplike wearden en kultuer-histoarysk weardefolle eleminten geandewei ferdwine, ferbrokkelje en soms letterlik ferflakje.</p>
Fraach / fragen	1. Kinne jo oanjaan oft de fertaalslach fan weardefolle lanskipseleminten- en struktueren oan de westkant fan de âld Middelsee tusken Marssum en Berltsum fan Grutsk op'e Romte nei it gemeentelike bestimmingsplan goed ferrûn is?
	2. As er dan dochs konstatearre wurdt dat beamsingels sneuvelje, sleatten dimpt wurde en reliëf flak skood wurdt, wêr leit him dan de oast? Juridysk-planologysk, fergunningferliening, hanthavening, amtlike kapasiteit? De fersnipeling fan ferantwurdlikheden oer ferskate oerheden?
	3. Hawwe jo as provinsje folslein oersjoch fan it tal gefallen yn de hiele provinsje, wêrby yn de deistige

	<p>praktyk ûnderstek dien wurdt oan earder beneamde romtelike kwaliteiten? Of kinne jo de oarder fan grutte oanjaan? Hawwe wy it oer insidinten of komt it hiel faak foar? En hoe slim achtsje jo dat dan?</p> <p>NB kinne jo hjir net daliks antwurd op jaan, wolle jo ús dat oersjoch dan skriftlik takomme litte?</p>

Yntsjinner(s)	<p>(fraksje / namme / hântekening)</p> <p>FNP, Wopke Veenstra</p>
---------------	---

Datum	27 febrewaris 2019
-------	--------------------